

IT SKRIUWERSBÛN

FERSLACH SKRIUWERSWYKEIN 2025

Foar de tredde kear in smûk Skriuwerswykein yn Bakkefean! De sneon stiet yn it ramt fan toaniel en op de snein kinne wy útsjen nei in lêzing oer Waling Dykstra.

SNEON 8 FEBREWARIIS 2025

De earste gasten komme om 10 oere hinne binnen. Kofje en tee en wat lekkers steane klear!

Us earste sprekker **Anja Steegstra** leit út wat it ferskil is tusken it skriuwen fan proaza en it skriuwen fan toaniel. Se leit út hoe't toanielteksten opboud wurde en giet yn op de spanningsbôge, it ferskil tusken it sjen litte fan gedachten yn stee fan it útskriuwen derfan en mear. Se pleitet derfoar dat romanskriuwers de stap gewoan ris weagje moatte!

By de lunsj wurdt der wakker oer neipraten en begjinne de earste ideeën al te kommen foar in sêne foar de workshop dy middeis.

Foar de wurkshop hat Anja twa fan de akteurs út har foarstelling *Yn de ban fan Broadway*, dat yn maart spile wurdt troch de Fryske Krite De Jouwer, frege om te helpen mei it útspyljen fan de skreaune sênes. Der binne troch de dielnimmers hiel ferskate sênes skreaun: fan in heit dy't dokter is yn in abortusklinyk en syn dochter op 'e tafel tsjinkomt oant twa buorlju yn ûnmin – wa hat eins skuld oan de rûzje?



(foto's: Anja Steegstra en Ammerins Moss)

Middeis is der in iepen diskusje oer it oersetten fan literateur út en nei it Frysk. De ôfrûne jierren binne der prachtige wurken út de wrâldliteratuer nei it Frysk oersetten, mar út it Nederlânsk wei is de list noch koart, sa fernaam *Ammerins Moss-de Boer* by it skriuwen fan it [taaldossier](#) Nederlânsk-Frysk foar it Expertisecentrum Literair Vertalen. Ek Pieter de Groot die in oprop ta mear oersettingen yn de LC.

Hjirûnder de fragen dy't behannele binne en in gearfetting fan de reaksjes fan de oanwêzigen.

Hoe kinne wy as Skriuwersbûn in positive bydrage leverje oan it oersetten út en yn it Frysk?

Mei oersettingen út it Frysk wei kinne wy sjen litte wat der yn it Frysk oan **ferskaat** is. Bekendheid fan skriuwer makket in makliker nei Provinsje en Letterenfonds ta om de finânsjes ek rûn te krijen. Yn in oersetting nei it Frysk kin (moderne) literatuer **tagonklik** makke wurde yn it Frysk. In bekende namme helpt dan wol om minsken oer te heljen om in boek ek **yn it Frysk te lêzen**.

In oersetter nei it Frysk lit benammen de **leafde foar de taal** sjen – it is goed foar it taalbehâld, de status fan de taal en kultuerferriking. Hoefolle minsken it lêze, makket neat út – mar it IS der. Foar bern is it ek belangryk dat der genôch “lêsoer” is yn it Frysk.

Oersettingen binne ek in moaie boarne fan tekst om it **Frysk te learen**. It is net allinnich fan belang foar de skriuwers, mar ek om de kultuer oer te dragen.

By it oersetten fan boeken yn it Frysk moat de oersetter hiel wat wurdskatfraachstikken oplosse: wat is geef Frysk? Wat is linich Frysk? It is ek in wize om de **eigen taalkennis fierder te ûntwikkeljen**.

Der soe mear omtinken jûn wurde moatte oan oersettingen op skoalle. Der wurdt soms dien as soe in oersetting minder goed wêze as it orizjineel, mar júst yn in oersetting kom it **eigene fan it Frysk** hiel moai nei foaren en dat is ek wichtich.

Hokker Fryske skriuwers of boeken moatte Hollânsktaligen yn har eigen taal lêze kinne?

Hjir wurde in hiel soad nammen neamd! In koarte list: Sipke de Schiffart, Margriet Poortstra, de *Jorwerter dweilstikken* fan Douwe de Bildt, *De skjintme vurt ferbwuolgwuodde* en *De reade bwarre* fan Trinus Riemersma, Willem Schoorstra, Lida Dykstra (dy't al faak twatalich útjûn wurdt, wat al moai is!), Willem Verf, Ale Zandbergen, Hylkje Goinga, Baukje Wytsma... mar fansels noch folle mear! Benammen it nije wurk, dus net mei de fokus op de standert, 'pastorale' wurken.

En yn it Frysk?

Ek hjir waard de winskelist hieltyd langer... En net allinnich boeken út it Ingelsk of Nederlânsk wei. We moatte ek de oare kant op sjen, nei Dútslân en fierder.

In pear boeken dy't neffens de oanwêzigen ek yn it Frysk te lêzen wêze moatte: *The Color Purple* fan Alice Walker, *The Help* fan Kathryn Stockett, Jonathan Franzen, *Sophie's Choice*, *Schindler's List*, Dörte Hansen, Bernardine Evaristo, Zadie Smith, Haruki Murakami, *Never let me go* fan Kazuo Ishiguro, Dr. Seuss.

Der moat faker yn de krante skreaun wurde oer nije Fryske oersettingen, want oars witte de minsken it net. En mear **besprekke op oare kanalen**.

Wat wolle wy mear fan de Provinsje en it Ryk, neist it besteande belied foar it oersetwurk?

Wy hawwe krekt fernommen dat Dingtiid hjir ek mei dwaande is, en sjogge út nei harren ûndersyk en advys op dit mêd. Fansels as altyd: JILD! Ek oersetters dogge it no faak út leafde foar in boek, mar se moatte der fansels ek earlik oan fertsjinje kinne.

Wat binne noch tips om oersettingen ûnder de oandacht te bringen?

- Mear omtinken oan jaan troch ek pommeranten út te nûgjen by presintaasjes (byg. Kommissaris fan de Kening, deputearren).
- Kolom yn de kranten oer nije oersettingen.
- Mear jild foar útjouwerijen foar oarspronklik wurk, sadat der ek romte komt foar in oersetting nei it Nederlânsk of oare talen.
- It oersette soe júst loskeppele wurde moatte fan útjouwerijen en as apart projekt oanflein wurde moatte.
- Mear omtinken foar boekemerken yn it bûtelân – witte sy wol dat wy bestean?
- In gruttere rol fan it Letterenfonds (byg. debútsubsydzjes, makliker om oersetters sels subdydzjes oanfreegje te litten – net fia in útjouwer).
- Spesjalistyske útjouwers mei in libbene oersetterscommunity.
- It oprjochtsjen fan in Oersettershûs yn Fryslân.

It wie in moaie diskusje en wy tinke dat wy hjir bêst wat ideeën út meinimme kinne yn ús oerlis mei de Provinsje!

Nei in kopieus **Skriuwersmiel** wie der jûns romte foar kreativiteit: de foardrachten út eigen wurk – fan gedichten oant stikjes út in noch te publisearjen roman (scoop!) – waarden bot wurdearre. Ek wie der toaniel en koenen we noch even mei Jetske mei op reis de oseaan oer. Tige noflik en slagge!



(Foto's: Lara Kool)

SNEIN 9 FEBREWARIS 2025

Nei in rêstige nacht begûn de snein al betiid mei in prachtige kuier yn de omjouwing fan Nieuw Allardsoog. We ha gjin wolf sjoen (gelokkich mar), mar de sinne en natuer lieten har wol yn al harren pracht sjen. By weromkommen stie it moarnsbrochje al klear, en wie der kofje!



(Foto's: Ammerins Moss en Lara Kool)

Abe de Vries joech in lêzing oer syn biografy oer Waling Dijkstra. Hy gie yn op it skriuwproses en it libben fan Waling. It wie moai dat we by de lêzing ek wat gasten fan bûten it Bûn wolkom hjitte mochten. De tekst fan de lêzing is nei te lêzen op ús reachside.



(Foto's: Ammerins Moss en Lara Kool)

Tank oan de oanwêzigen foar in noflik Skriuwerswykein!

Skriuwers yn skiepssklean – Lara Kool

8 febrewaris 2025 setten wy útein nei wat miskien wol it gefaarlikste plak fan Nederlân wie, op dat stuit. It wolvegebiet! Dêr soe it jierlikse wykein fan it Skriuwersboun plakfine. Dit jier mocht ik foar it earst mei. It programma wie nijsgjirrich: toanielskriuwe, in bûnte jûn en Abe de Vries.

Anja Steegstra hat ús bypraat oer toaniel. Hoe kinst skriuwe, sadat in spiler wit wat der bedoeld wurdt? Dan sels oan 'e gong. In sêne skriuwe, mei tiid, lokaasje en konflikt, dy't troch twa meibrochte akteurs spile wurde soe. As studint toanielskriuwen in ûngekende lúkse fansels. Koest fuortendaliks sjen wêr't dyn stik noch heakke. Sûnder bliken of blozen waarden dizze man en frou sa in mem en en soan, heit en dochter, kollega's op kantoar of tafallige foarbygongers, mei hûnen. Se brochten ús teksten stik foar stik nei in heger *level*.

Wa tinkt dat dit al lúkse is, hat it iten op it wykein noch net preaun. In wielderige fariaasje oan fegetarysk en oar iten kaam foarby. Ek it waar siet mei, we koenen tusken it programma troch prachtich kuierje yn de boskrike omjouwing, mei it skrilte febrewarissintsje op 'e holle. Gelokkich sûnder wolf tsjin te kommen. Alhoewol Jan Hendrik wol tocht dat er him hearre koe!

Middeis iepene Willem de gearkomste oer 'oersetten'. Hoe kin dit in positive bydrage leverje, hokker Fryske boeken moatte Nederlânsktaligen lêze en hokker ferneamde boeken soenen der yn it Frysk komme moatte? Kin der bygelyks mear oandacht komme foar oersetste boeken yn 'e krante? Wy wisten it fansels allegearre wol. Sipke's Sjappy, in sjenre dat de Nederlânske literatuer noch net ken, Margryt Poortstra, ensfh. Foar de nije generaasje, it behâld fan de Fryske kultuer en dizze diele te kinnen mei de wrâld. Mar hoe soargje we derfoar dat it net allinnich by skreauwe bliuwt, mar dat dit alles ek omset wurde kin yn wol? Stof oant neitinken.

By de Bûnte jûn koenen we dat gelokkich allegearre efkes dellizze. Mei prachtige gedichten, wiere toanielstikken en koarte ferhalen oer de 'wolven' fan 'e oarloch bygelyks.

De oare deis wie der in lêzing fan Abe de Vries oer syn promoasjeûndersyk oer Waling Dykstra. In man dy't net heech yn oansjen stie yn de Fryske literatuer, mar dy dochs hiel wichtich wie foar de oerlevering fan de rykdom fan de Fryske taal. Krekt omdat er de gewoane man oanspruts, troch it Frysk toaniel ûnder de minsken te bringen en it meitsjen fan lietteksten. Mei syn fûgeltsjes en skiepkjes dy't bletterje, wist hy de Fryske taal yn libben te hâlden. In wiere wolf yn skiepssklean dus. Ien om rekken mei te hâlden.

En dat is wat we fansels allegearre it leafste wolle: dat we skriuwers binne, dy't generaasjes lang in bydrage leverje kinne oan it Frysk, oan literatuer, dat we skriuwers binne om rekken mei te hâlden. No en yn de takomst. By Waling sjochst datst dan inoar wol nedich hast. Dêrtroch binne dizze wykeinen ek sa wichtich. Neist dat se ek hiel learsum en gesellich binne. Hooplik kinne we inoar by gearkomsten en it folgjende wykein allegearre treffe.

Ynspiraasje en kreativiteit – Jan-Hendrik Woudstra

It wie in prachtich wykein fol mei ynspiraasje en kreativiteit. De workshop toanielskriuwen wie tige nijsgjirrich, mei twa akteurs dy't de ferskate skripts op in prachtige wize ferbylden. Nei in produktive dei fol mei skriuwen en diskusjes, koene wy genietsje fan in hearlik skriuwersmiel. De jûn waard ôfsletten mei in bonte jûn fol mei leuke en ferrassende stikjes en optredens. Elkenien hie wat spesjaals te bieden, en it wie in feest om te sjen hoe't elkenien syn talinten toande.

Op sneintemoarn makken wy in frisse moarnskuier, wat in perfekte manier wie om de dei te begjinnen. Nei de kuier hiene wy de kâns om te harkjen nei Abe de Vries, dy't in biografy oer Waling Dijkstra presintearre. It wie in ynspirearjend ferhaal oer in bysûndere persoan.